



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se harkje nei de ferhalen dy’t oer Jezus ferteld wurde.

Hjoed sitte Sara en Simon mei heit en mem ûnder oan ’e berch te wachtsjen. Fuort by harren sitte learlingen fan Jezus. Der komme mear minsken by, sadat de groep hieltyd noch grutter wurdt. Dat kin ek hast net oars, want wêr’t learlingen fan Jezus binne, is Jezus meastal ek.

Lok en wee

Lukas 6,17-26

“Sjoch, dêr komt Jezus oan”, rôp Sara.

Heit en mem sprongen oerein. Se hiene de hiele moarn al yn it gers sitten te wachtsjen. Einlings wie it safier dat Jezus fan de berch ôfrinnen kaam.

De minken dy’t earst rêstich sieten te wachtsjen, begûnen om te rinnen. Der wiene in soad siken by.

“Ik wol Jezus’ hân efkes fêsthâlde”, sei in frou.

“En ik wol allinne mar efkes syn mantel oanreitsje”, sei immen dy’t gebrekkich rûn.

Heit pakte Simon by it skouder en frege: “Hearsto wat se wolle, Simon?”

Simon antwurde: “Ja, dy sike minsken hoopje dat se dan better wurde.”

Heit knikte en sei: “Jezus striolet de krêft fan God út. De minsken witte dat se dêr better fan wurde.”

Doe’t Jezus by harren kaam, frege Er de minsken om sitten te gean.

It waard daliks stil doe’t Jezus sei: “Do, jonge dêr!”

Hy wiisde nei in jonge dy’t wat efterôf yn ’t skaad fan in beam siet.

De jonge seach ferheard op en sei: “Bedoele Jo my soms!”

Jezus knikte en sei:

“Ja, do!

Do bist earm,

mar do bist wol gelokkich.

Ik kies foar dy!"

De jonge stie mei de mûle fol tosken. Wat moast er dêrop sizze?

Mar dat hoegde ek net, want Jezus seach al wer in oare kant út.

Tsjin in famke dat tige wyt om 'e holle wie, sei er:

"Do hast honger, is't net sa?

It famke knikte.

En Jezus sei:

"Ik kies foar dy.

Do silst genôch te iten krije!"

Tsjin in frou dy't de triennen yn 'e eagen hie, sei Er:

"Do bist gelokkich,

want Ik kies foar dy.

Do silst laitsje!"

En tsjin oaren sei Jezus:

"Der binne minsken dy't jim útlaitsje of útskelle,

omdat jim foar My keazen ha.

Gelokkich binne jim,

want Ik kies foar jim!

Jim kinne bliid wêze en dûnsje.

God sil jim beleanje,

mar..."

Jezus wachte efkes... En begûn op in oare toan:

"Mar o wee do, do bist no ryk...

O wee do, do hast no mear as genôch te iten...

O wee do, do lakest no ...

O wee jim, no't elkenien leaf en aardich tsjin jim docht ..."

Sara gie ticht tsjin mem oan sitten en flústere: "Werom seit Jezus dat no? It wie krekt sa moai allegear. En no is Jezus lulk op ús."

"Ik begryp der neat fan", blaasde Simon. "Lok foar de minsken dy't honger ha en o wee foar"

"Sa is it mar krekt Simon!", sei heit. "Jezus seit: o wee, as wy de minsken dy't honger ha gjin iten jouwe."